Hoe Frysk is it Frysk?

Pyt Kramer (Mildaam)

1 Ynlieding

De moderne Fryske tongslaggen ûntrinne inoar gâns en ferskille ek aardich fan it Aldfrysk. Foar taalkundige en oare stúdzjes mei in histoaryske komponint liket it fan belang te witten ynhoefier't wy hjir te krijen hawwe mei kontinuïteit fan taal.

Om yn dat stik fan saken wat klearrichheid te skeppen wurdt yn dizze stúdzje besocht nei te gean hoefolle fan it oarspronklik Fryske wurdmateriaal bewarre is yn 'e moderne tongslaggen. Foar dat oarspronklike Frysk rjochtsje wy ús dêrby needsaaklikerwize op it skriftlik oerlevere Aldfrysk. Mei Sjölin (1969:7) neame wy Aldfrysk (Afr.) alles wat foar 1550 ferskynd is. Dêr heart dus noch wol de al aardich 'gewoan' lykjende taal fan Bogerman (1542/1551) by, mar oan 'e oare kant sille wy faaks ek wolris in Aldfrysk wurd útsilje as it neffens syn lûding net oarspronklik Frysk wêze kin en net faak as Aldfrysk oerlevere is. Fierders kin by ûntbrekken fan in wurd yn 'e Aldfryske oerlevering dochs soms út de Nijfryske lûding ôflaat wurde dat it om in oarspronklik Frysk wurd giet (sa as by it haadwurd *libben* (110, de nûmers ferwize nei it plak fan it wurd yn 'e taheakke), it bywurd *wei* (112) en by guon tiidwurdsfoarmen).

Fan de Nijfryske tongslaggen wurde neist it Westerlauwersk Frysk (Wlfr.) neigien it Skiermuontseachsk (Skm.), it Sealtersk (Sfr.) en it Mooringer Noardfrysk (Nfr.). Dy kar is in praktyske reden foar, nammentlik dat yn dy gefallen omkearwurdboeken of -listen út in oare taal wei beskikber binne. Tagelyk jout dat in aardige sprieding oer it taalgebiet, wylst it Skm. as in lokale tongslach faaks better mei it Sfr. en Nfr. te ferlykjen is as de algemiene Wlfr. ferkearstaal. Ek wurdt neigien hoefolle Frysk trochkrongen of bewarre bleaun is yn 'e tongslaggen fan 'e omkriten. Dêrta binne ûndersocht it Biltsk (Hollânske kolonisaasje binnen Frysk taalgebiet), it Grinslânsk en it Westfrysk (beide wierskynlik ûntfryske, resp. ûnder Nederdútske en Hollânske ynfloed) en it Stellingwerfsk (oarspronklik net-Frysk grinsgebiet).

It Skiermuontseachsk is der boppedat by behelle, om't wy dêrfan yn it wurk fan Spenter (1968) in brede etymologyske stúdzje hawwe. Foar de ôflieding fan it Noardfrysk wurdt gebrûk makke fan Löfstedt syn wurk oer it Noardfrysk fan Ockholm en de Halligen (Löfstedt 1928, 1931), dat frij nei oan it Mooringer

besibbe is en sa in tsjinwicht biedt tsjin Spenter syn wurk. Foar de oerbleaune hiaten is gebrûk makke fan de betreffende literatuer oangeande it Frysk en de buortalen en fierders is ek noch wol wat etymologysk graafwurk ferrjochte.

Eins soe men foar in ferliking de hiele wurdskat besjen moatte, mar dat is hast gjin dwaan. Boppedat, as it derom giet oft dy Fryske eftergrûn fan ynfloed is op allerhanne ferskynsels, dan giet it der benammen om ynhoefier't it algemiene karakter fan in tongslach Frysk is. In grif Aldfrysk erfwurd as *tjoud* 'kwea' makket it Grinslânsk net ta in Fryske tongslach; dêr is it te seldsum foar. Om dy reden liket de metoade fan it 'weagen' fan de ôfkomst fan wurden neffens de wurdfrekwinsje de meast foar de hân lizzende wize om de gearstalling fan in taal te mjitten, om't hja yn feite it tal wurdtekens telt. Wat faker in wurd (wurdtype) foarkomt, wat swierder weage moat oft it al of net fan Fryske ôfkomst is. Dochs haw ik yn 'e literatuer gjin tapassing dêrfan fine kinnen. De metoade kin ek allinne mar tapast wurde op talen mei gâns tige faak foarkommende lienwurden, wêrby't de ôfkomst frij wis fêststeld wurde kin. It soe bygelyks tige foar de hân lizze om sa'n berekken los te litten op de ûnderskate komponinten fan it Ingelsk.

No docht it gelokkige feit him foar, dat wy foar it Wlfr. oer in frekwinsjelist beskikke (Van der Veen 1984). Dy list berêst op it 'korpus Frysk', dat gearstald is út Wlfr. tekstfragminten út it tiidrek 1800 oant 1950. It giet dêrby dus om skreaune taal, mar om 't wy oars net hawwe, moatte wy dat mar oannimme as fertsjintwurdiger fan 'e sprutsene taal fan dy tiid. Foar it Sealtersk is om dy reden ek de noarm fan wat konservativere teksten nommen, lykas dy fan Janssen (1953-1965). Foar de oare tongslaggen is útgien fan de gongbere wurdboeken dy 't ek wol frij konservatyf wêze sille.

I. Part fan de frekwinsjelist fan Van der Veen (1984:209-211).

1. 59972 *de* (lidw.)
2. 34452 *it/'t* (lidw.., fnw.)
3. 31146 *en* (bynw.)
4. 25404 *wêze* (tw.)
5. 23548 *fan* (ferhw., byw.)

.....

193. 464 *plak* (hw.)
194. 464 *stil* (eigsw., byw., útrw.)
195. 464 *wa* (fnw.)
196. 464 *wier* (eigsw., byw., útrw.)
197. 464 *wylst* (bynw., byw.)

Van der Veen jout de 197 meast foarkommende wurdtypen, dy't meiinoar 65% fan alle wurdtekens beslagge. Tabel I jout in foarbyld mei de earste fiif en de lêste fiif wurden fan syn list. Dat rint fan *de* mei in relative frekwinsje fan

5,9972% oant *wylst* mei in frekwinsje fan 0,0464%. Yn syn list hat Van der Veen foar de oersichtlikens dy persintaazjes mei 10.000 fermannichfâldige. Dy wurdfrekwinsjes slagge op it Wlfr. en it is fansels mûglik dat de frekwinsjes yn 'e oare tongslaggen wat oars binne – sa komt yn it Sealtersk *dwoo* 'dwaan' gauris foar yn 'e betsjutting 'jaan' en binne de betsjuttingsfjilden fan Sfr. *schälle, wolle, moute, muuge* oars as dy fan Wlfr. *sille, wolle, moatte, meie*. Lykwols is der om praktyske redenen fan útgien, dat de Wlfr. frekwinsjes oeral jilde. Om't foar de Nederlânske skriuw- en sprektaal sawat oerienkommende frekwinsjes fûn wurde (Van der Veen 1984:214) sil dat net altefolle útmeitsje.

It wurdmateriaal út 'e Nijfryske tongslaggen is ûnderbrocht yn 'e folgjende rubriken:

-- Orizjineel Frysk (O) is alles wat neffens de normale taalûntjouwing út it Aldfrysk ôflaat wurde kin.

-- Weirekke (W) binne alle Aldfryske foarmen dy't yn in Nijfryske tongslach net mear foarkomme; faak is de derby hearrende funksje (bygelyks namfal, slachte) ek ferdwûn.

-- Nijfoarming en analogy (A) binne alle foarmen dy't troch bysûndere ûntjouwingen út oare Fryske foarmen ûntstien binne en faak orizjineel Fryske foarmen ferfongen hawwe.

-- Nederlânsk en Nederdútsk (N) binne alle foarmen dy't net út it Aldfrysk, mar wol út dy buortalen of út it Mnl. of Mnd. ôflaat wurde kinne.

-- Deensk en oare talen (D) is alles wat net út Aldfrysk, Nederlânsk of Nederdútsk ôflaat wurde kin.

-- Karakteristyk Frysk (K). Yn it Aldfrysk kaam al gâns mienskiplik Wgerm. materiaal foar, mar it liket folslein ynoarder om dat yn 'e moderne Fryske tongslaggen ek as Frysk te beskôgjen. By de net-Fryske tongslaggen kin dat net sûnder mear, om't dy mei frij grutte wissens gâns materiaal fan net-Fryske oarsprong befetsje. Om op dat gebiet gjin ûnwisse faktoaren yn te bringen, wurdt dêr allinne it persintaazje berekkene wat karakteristyk Aldfryske marktekens hat. Dat is alles wat neffens de normale taalûntjouwing net út 'e buortalen ôflaat wurde kin, mar mei Fryske lûdwetten wol út it Aldgermaansk. Dêrby binne dingen as in skerpe begjin-*s* of in ynfinityf-útgong op *-e* net foldwaande om in wurd by K ûnder te bringen, want dat binne oanpassings dy't by ûntliening maklik oanbrocht wurde kinne. Dus beskôgje ik b.g. *sitte* (104) nèt as karakteristyk Frysk. Om ta in goede ferliking te kommen wurdt K ek fêststeld foar de Fryske tongslaggen en foar it Aldfrysk, wat dan tagelyk oanjout hoe grut de dúdlik as Frysk werom te kennen kearn fan dy tongslaggen is. Dy ûnwjerlisber Fryske kearn K moat needsaaklikerwize part útmeitsje fan it folle gruttere persintaazje O, wat oanjout wat Frysk wêze kín.

Fan dat ûnderbringen yn rubriken jout de Taheakke fan elk wurd yn 'e folchoarder fan frekwinsje de útwurking en de útkomst. Nei elk lemmawurd wurdt dêr earst in oersetting yn it Dútsk jûn en de wurdfrekwinsje neamd. Foar elke rubryk wurdt dan foar elk wurd in faktor tusken 0 en 1 fêststeld, dy't oanjout ynhoefier't dat wurd dêryn thûsheart. Foar elke beskôge taal of tongslach moat de som fan dy faktoaren (útsein K, dat ommers part fan O útmakket) foar elk wurd gelyk wêze oan ien.

Hjirûnder komt aanst earst it hoe en wat fan 'e ferwurking fan 'e gegevens oan 'e oarder, folge fan in flateranalyse en de útkomsten en de konklúzjes.

2 Ferwurking fan de gegevens

Foar de ferwurking fan de gegevens is gebrûk makke fan in rekkenblêd- of spreadsheetprogramma. Tabel II jout in part fan it rekkenblêd foar de rubryk 'orizjineel Frysk'. De fiif meast frekwinte en de fiif minst frekwinte fan 'e 197 wurden en allinne de kolommen foar it Aldfrysk en it Westerlauwersk Frysk binne werjûn. Kolom A jout it wurdnûmer, C de wurdfrekwinsje, D it Wlfr. wurd en E de wurdsoarte, alles neffens de list fan Van der Veen. Tafoege binne kolommen B (it oerienkommende Aldfryske wurd), F (de orizjinaliteitsfaktor) en G (de orizjinaliteitsfrekwinsje, dat is C x F).

II. Stikje fan it rekkenblêd foar de rubryk Orizjineel Frysk (O).

A Nr.	*B* Aldfrysk	*C* Wurdfrekwinsje	*D* Westerl. Frysk	*E* Wurdsoarte	*F* Orizj.-faktor	*G* Orizjinaliteits-frekwinsje
1	thi, thiu, tha thes, ther-, then	59972	de	lidw.	0,17	10195,24
2	thet; hit	34452	it/'t	lidw. fnw.	0,33	11369,16
3	anda, enda	31146	en	bynw.	1	31146
4	wesa	25404	wêze tw.	0,717782,8		
	ik bem,bim, ben,bin		ik bin		0,1	
	hi is, his		hy is		0,1	
	wi send, sen		wy binne		0	
	hi was		hy wie		0	
	wi weren		wy wiene		0,1	
	(e)wesen		west		0	
5	fon, fan	23548	fan	ferhw.byw.	1	23548

A Nr.	*B* Aldfrysk	*C* Wurdfrekwinsje	*D* Westerl. Frysk	*E* Wurdsoarte	*F* Orizj.-faktor	*G* Orizjinaliteitsfrekwinsje	
193	stede	464	plak	hw.	0	0	
194	stille	464	stil	eigsw...	1	464	
195	hwā	464	wa	fnw.	1	464	
196	wēr	464	wier	eigsw...	1	464	
197	in hwīle, thā hwīle	464	wylst	bynw...	1	464	+
SOM		650238				479375,22	
RELATYF		1				0,737230399	
Orizjineel FRYSK					73,72%		

As foarbyld nimme wy wurd nûmer 3, dêr 't Frysk *en* ôflaat wurdt fan Aldfrysk *enda* en dêrom yn kolom G as orizjinaliteitsfrekwinsje C x F = 31146 x 1 = 31146 oplevert. Dan nûmer 4; Van der Veen hie de foarmen fan in tiidwurd allegearre byinoar rekkene (1984:211), mar hjir binne dy alteast foar de faakst foarkommende ûnrigelmjittige wer útinoar helle, om't se soms fan ûngelikense ôfkomst binne. Om't ik net oer de frekwinsjewearden fan dy aparte foarmen beskikte, binne dy by ôfwikende ôfkomst elk op 0,1 rûsd fan de frekwinsje fan it hiele wurd (lemma). By nûmer 4 komme Frysk *(wy) binne, (hy) wie* en it mulwurd *west* net mei it Aldfrysk oerien en dat levert 3 x 0,1 = 0,3 koarting op yn'e orizjinaliteitsfaktor, dy't dan dus 1 - 0,3 = 0,7 wurdt. As resultaat wurdt de orizjinaliteitsfrekwinsje 25404 x 0,7 = 17782,8 (kolom G).

Dan slagge wy yn dit foarbyld in hiele protte rigels fan it rekkenblêd oer en komme by nûmer 193, dêr't Frysk *plak* net oerienkomt mei Aldfrysk *stede* en dêrom yn kolom F as orizjinaliteitsfaktor 0 kriget en as konsekwinsje yn kolom G as orizjinaliteitsfrekwinsje 464 x 0 = 0. It falt daliks op dat de wurdfrekwinsje (464) hjir folle lytser is as boppe-oan yn 'e list; dizze wurden telle dus folle minder mei, wat troch it fermannichfâldigjen ek yn kolom G ta utering komt.

By eintsjebeslút telle wy yn 'e rigel SOM yn kolom C alle wurdfrekwinsjes op en yn kolom G alle orizjinaliteitsfrekwinsjes. As alle Fryske wurden mei it Aldfrysk oerienkamen, dan hiene wy oeral as orizjinaliteitsfaktor 1 krigen en wiene de getallen yn kolom G oerienkommen mei dy yn kolom C. Om dus út te finen hoefolle orizjineel Frysk yn it Westerlauwerske Frysk bewarre is, kinne wy de SOM fan kolom G diele troch de som fan kolom C en dat levert 0,737230399 yn 'e rigel RELATYF of ôfrûne 73,72% orizjineel FRYSK.

Yn dizze berekken telle de faak foarkommende wurden dus swierder as de net sa faak foarkommende. It berekkene persintaazje slacht op it tal wurdtekens fan 'e taal. Dat is te sizzen dat in wurdtype elke kear teld wurdt dat it foarkomt: *de* komt dus folle faker foar as *wylst*. No is dat noch net hielendal earlik, want as

wy de som fan kolom C diele troch Van der Veen syn faktor 10000 dan krije wy 65,0238%, wat sizze wol dat de besjoene 197 wurdtypen mar sa'n 65% fan ús wurdtekens beslagge. No is de fraach oft de fûne útkomsten ek jilde foar de oare 35%. Om dêr in yndruk fan te krijen is besocht út te finen oft binnen dy 197 ek in ynfloed fan 'e wurdfrekwinsje te finen is, dus bygelyks oft de minder faak foarkommende ek 'Frysker' binne as de faakst foarkommende. Dêrta binne dy 197 yn trije skiften ferdield, dêr't tabel V de resultaten fan sjen lit. De 19 meast foarkommende wurdtypen mei dêrby gâns funksjewurden beslagge 33% fan de wurdtekens. By de lêste 142 wurdtypen sitte meast ynhâldswurden. It docht bliken dat der yn 'e ferdieling fan bewarre Frysk trochinoar net sa'n sterk ferrin sit: yn it Wlfr. liket it persintaazje wat grutter te wurden by legere wurdfrekwinsjes en yn it Nfr. wat lytser, mar dat sil wol om tafallige spriedingen gean. Ik nim dêrom oan dat de 35% net besjoene wurdtekens net folle fan dit resultaat ôfwike sille.

3 Flateranalyze

Utdrukkings as 'wierskynlik' en 'nei alle gedachten' binne planteit yn 'e etymologyske literatuer. Sels as in ôflieding muorrefêst liket te stean, komt der soms wer in betteren. En mei de etymology stiet dan ek gauris op losse skroeven út hokker taal oft sa'n wurd komt. Dy ûnwissens – ek dúdlik werom te finen yn 'e taheakke – is eins yn striid mei in wurk as ditte, dat om getallen freget. Dat is besocht op te fangen troch by elke kar ekstra oandacht oan de objektiviteit te besteegjen. Der is net te gau oannommen dat in wurd orizjineel Frysk wie – bygelyks by *jimme* (62), mar oan 'e oare kant is ek besocht Westerlauwerske wurden net oan 'e kant te skowen foar Easterlauwerske, bygelyks by *sizze* (32). Dêrtroch is te ferwachtsjen dat by mûglike korreksjes op 'e etymology fan guon wurden in dêrút folgjende 'taalwiksel' net foar allegear deselde kant útgean sil. Dêr moat by betocht wurde dat de aparte wurden mar in bytsje ynfloed hawwe. Wurden dêr 't de kar tusken de talen fan ôfkomst folslein ûnwis wie, krije 0,5 as orizjinaliteitsfaktor.

De grutste ynfloed hat it earste wurd *de*, fanwege syn hege frekwinsje. En dêr docht him in bysûnder probleem foar om't guon wurdfoarmen yn it Nijfrysk misse. Ik lied dat *de* ôf út Afr. *tha* en jou it dêrby as orizjinaliteitsfaktor 1/6 ~ 0,17, om't it yn it Afr. troch noch fiif oare foarmen fertsjintwurdige wie. Yn in rjochtstekst as R2 (Buma 1954:128f.) makket *tha* lykwols net 17% út fan alle foarmen fan it beskate artikel (útsein neutra), mar 28%. Tantsjendewize tapassing fan de oerienkomstige orizjinaliteitsfaktor 0,28 levert yn it rekkenblêd 74,74% orizjineel Frysk ynstee fan 73,72%, dus +1,02% ôfwiking en dat weacht der yn. Mar mei R2 hat men grif noch net de Aldfryske omgongstaal en dat jout dêrmei temin bewiis om it te feroarjen.

Wat soartgelikens docht him foar by *wêze* (3). Dêr is by oannommen dat de net-orizjinele foarmen *binne, wie* en *west* meiinoar 30% fan 'e som fan'e wurdfrekwinsjes fan alle foarmen fan *wêze* útmeitsje. Foar it Frysk haw ik gjin materiaal, mar de oerienkommende foarmen yn it Sealtersk meitsje 47 % út yn in stik tekst (earste helte fan Janssen 1953-1965). As konsekwinsje soe de orizjinaliteitsfaktor feroarje fan 0,7 nei 0,53, wat 73,06 % orizjineel Frysk jaan soe en dêrmei -0,66% ôfwiking. Dy ynfloed is al lytser.

Om nei te gean hoe grut oft de ynfloed fan ferskillen yn wurdfrekwinsjes tusken de ûnderskate tongslaggen is, binne by it berekkenjen yn 'e Fryske wurden *sille* (0,06670%, O=0,45) en *wolle* (0,03016%, O=0,85) de persintaazjes ris omwiksele. It gehalte oan orizjineel Frysk feroare dêrtroch fan 73,72% nei 73,95%, net de muoite wurdich dus. Dat komt om't útsein de boppeste 13 elk wurd minder as 1% foarkomt en dus ek net mear ynfloed hawwe kin as 1%.

It liket net goed mûglik om op alle resultaten meiinoar in statistyske flaterana-lyse los te litten; it tal gegevens is te lyts en te ûngelyksoartich en ek te ûngelyk fan gewicht. Op grûn fan boppesteande proeven is lykwols te ferwachtsjen dat de berekkene persintaazjes binnen 1/100 à 1/50 fan har wearde krekt wêze sille.

4 Utkomsten en konklúzjes

III. Fertsjintwurdiging fan 'e Aldfryske wurdskat yn it Nijfrysk

		Wl.Frysk	Skierm.	Sealtersk	Mooringer
Frysk (O)		74%	76%	82%	81%
Weiwurden (W)	17%	16%	6%	8%	
Nijfoarming ens.(A)		4%	3%	1%	2%
Ndl./Nd. (N)		5%	4%	10%	7%
Oare talen (D)	0,1%	0,1%	0,2%		2,2% (2,0% Deensk)

IV. Gearstalling fan it Nijfrysk

		Wl.Frysk	Skierm.	Sealtersk	Mooringer
Frysk (O)		89%	91%	88%	88%
Nijfoarming ens.(A)		5%	4%	1%	3%
Ndl./Nd. (N)		7%	5%	11%	7%
Oare talen (D)	0,1%	0,1%	0,2%		2,4%

V. Ferdieling fan it bewarre Frysk oer de 197 wurdtypen

	Wl.Frysk	Skierm.	Sealtersk	Mooringer	trochinoar
1-19 (33%)	68%	69%	76%	81%	74
20-55 (17%)	79%	87%	93%	86%	86
56-197 (15%)	81%	80%	86%	76%	81

VI. Persintaazje karakteristyk Frysk

	Aldfrysk	Wl.Frysk	Skierm.	Sealtersk	Mooringer
1. Alle Aldfrysk=100%	42%	20%	21%	39%	31%
2. Bewarre = 100%	42%	27%	28%	47%	38%

	Biltsk	Grinslânsk	Westfrysk	Stellingwerfsk
1. Alle Aldfrysk=100%	2,1%	0,8%	3,4%	0,1%
2. Bewarre = 100%	-	-	-	-

De útkomsten fan 'e berekkens wurde jûn yn 'e tabellen III o/m VI. Tabel III jout andert op 'e fraach: 'Hoefolle fan it Aldfrysk is bewarre bleaun?' Dêr komt it Sealtersk it heechste by út 'e bus mei 82% en it Westerlauwersk Frysk it leechste mei 74%. It tal weiwurdene foarmen is it grutst yn it Wlfr., mar dat hat ek de measte nijfoarmings; op dat gebiet is it Sfr. konservatyf. Wol hat it Sfr. de sterkste bydrage fan Nederlânsk/Nederdútsk en it Mooringer Nfr. lit mei 2% in dúdlike mar dochs net botte grutte Deenske ynfloed sjen. It Skiermuontseachs gedraacht him fierhinne as it Wlfr. Yn feite soe de som fan elke kolom krekt 100% wêze moatte, mar troch ôfrûnjen sitte wy dêr wolris in eintsje neist.

Wy kinne de saak ek út 'e moderne tongslaggen wei besjen. Dat wurdt dien yn tabel IV troch de weiwurden foarmen net mei te tellen. Dêrmei krije wy it andert op 'e titelfraach: 'Hoe Frysk is it Frysk?'. It opfallende dêrby is, dat wy by alle fjouwer tongslaggen sawat op itselde persintaazje komme, nammentlik om ende by 90%. Dat betsjut dat yn elke tongslach sa'n 10% ynnommen wurdt troch nijfoarmings en ûntlienings. In oerflakkige konklúzje soe dan wêze kinne dat it Aldfrysk yn dy gefallen blykber net mear foldwaande wie. As wy lykwols sjogge dat it hjir yn de ûnderskate tongslaggen faak oer hiel oare gefallen giet (bygelyks Wlfr. *net* (18) njonken Nfr. *ai* of Wlfr. *nei* (45) njonken Nfr. *eefter*), dan moat der wol wat oars te rêden west hawwe.

Yn tabel VI jout rigel 1 andert op 'e fraach: 'Hoefolle is as karakteristyk Aldfrysk werom te kennen?' Dat is dus materiaal dat allinne út it Aldfrysk wei te ferklearjen is en dat in tongslach ek it markteken 'Frysk' jout. It persintaazje fan 42 foar it Aldfrysk sels liket hjir yn earste oansjen faaks wat frjemd, mar falt te ferklearjen út it feit dat de mienskiplik Fryske lûdûntjouwingen lang net op alle lûden betrekking hiene. Gâns oarspronklike wurden waarden der net troch oantaast en bleauwen dus yn it Aldfrysk frij gelyk oan dy yn 'e buortalen. It Sealtersk komt ticht yn 'e buert fan it Aldfrysk sels, wylst de net-Fryske tongslaggen fier ûnder de Fryske sitte; it Westfrysk komt mei 3,4% noch it heechste út 'e bus.

Rigel 2 belûkt dit resultaat op allinne it bewarre Aldfrysk yn elke Fryske tongslach, dus op 'e earste rigel fan tabel III en jout dêrmei andert op 'e fraach: 'Hoefolle fan it bewarre Aldfrysk is karakteristyk?' Dêr is út te sjen dat it Sealtersk aardich heger sit as it Aldfrysk. Dêr folget út, dat it Sfr. benammen karakteristike wurden bewarre hat, wat gearhingje kin mei syn funksje as geheimtaal (ferlykje Minssen 1854:148ff). It Wlfr. dêrfoaroer sit folle leger as it Afr. en is dus benammen karakteristyk Frysk kwytrekke. It Grinslânsk – dat fierders wol wat op it Sealtersk liket – is hast alle karakteristike Frysk kwytrekke; eins allinne it ûnopfallende *er* (38) is dêr oerbleaun.

Der moat noch opmurken wurke dat yn tabel V en rigel 1 fan tabel VI krektlyk as yn tabel III de weiwurden foarmen wol meitelle.

As wy it hear nochris oersjogge, dan kinne wy fêststelle dat alle ûndersochte Fryske tongslaggen fierhinne út it Aldfrysk ôflaat wurde kinne en dat hja boppedat gâns karakteristyk (Ald)frysk bewarre hawwe, al besteane dêrby grutte ferskillen tusken de tongslaggen. Dêrmei ûnderskiede se har dúdlik fan 'e oanbuorjende net-Fryske tongslaggen; benammen it Biltsk en it Stellingwerfsk sille in grut part fan har 'Fryske' wurden út nei-Aldfryske ûntjouwings krigen hawwe, dy't hjir net meitelle (bygelyks *heit* (134)).

Opfallend is fierder it grutte oandiel weiwurden foarmen en nijfoarmings yn it Westerlauwerske Frysk. It Sealtersk en it Mooringer Noardfrysk hawwe dêrfoaroer in grutter gehalte oan lienwurden. It falt op dat it Skiermuontseachsk nettsjinsteande syn isolearre posysje en syn ôfwikende fokalisme fierhinne mei it Wlfr. lykop rint.

1. **de 'der'** (wurdfrekwinsje 59972). It Afr. beskate lidwurd hie yn *thī, thiu, thā* aparte foarmen foar manlik, froulik en meartal en boppedat noch trije foarmen *then, ther-, thes* foar de ôfhinklike namfallen (Sjölin 1969:35). Fan dy seis foarmen bewarret it Nfr. trije (*di, jü, da*) en it Sfr. fjouwer (*di, ju, doo, dän*), dat jout O = 0,5, resp. 0,67; ferl. Spenter 236. Nfr. *e*, Sfr. *de, e* beskôgje ik as ferkoarte foarmen fan *da, doo* (ferl. Kramer 1992:365f). Yn it Wlfr. fine wy oeral *de*. Ik nim mei Siebs Gr1355f. oan dat dat ûntstien is as in byfoarm sûnder klam (sa ek Ndl.: de Vries 107). It Wlfr. en it Skm. hawwe hjir dus gâns ferlern en krije dêrom O = 0,17. De oergong *th-* > *d-* is hjir lûdwettich en hat dêrom gjin ynfloed op 'e orizjinaliteitsfaktor. Koartsein O=0,17/0,17/0,67/0,5 foar efterinoar Wlfr., Skm., Sfr. en Nfr. De rest is by dit wurd weirekke: W=0,83/0,83/0,33/0,5.

   Afr. *thī*, Sfr. Nfr. *di* soe yn prinsipe út Mnl. *die*, Mnd. *di(e)* (v. Loey 43, Lasch 218) ûntstien wêze kinne, mar om 't dat eins oeral troch *de, dei* (b.g. Schönhoff 181) ferfongen is, sil in yn de omkriten fan it Fr. taalgebiet foarkommend *di, die* nei alle wierskyn fan Fryske oarsprong wêze. Afr. *thiu* kin al net iens út it Mnl. of Mnd. ôfkomstich wêze, is dus karakteristyk Frysk en allyksa *thā*.. Afr. *thes, ther-, then-* kinne wol út it Mnl. of Mnd. stamme en binne dus net-karakteristyk, likemin as Sfr. *dän*, ferl. ek Iemslânsk *den* (Schönhoff 118). Dus K=0,5/0/0/0,5/0,5 foar resp. Afr., Wlfr., Skm., Sfr. en Nfr.

2. **it 'es; das'** (34452). Wlfr. art. *it* < pron. pers. n. *it* as enklityske njonkenfoarm by *hit* (Gr1356, 1353f). Ndl. *het* > *et* troch ynfloed fan *et* < *dat* (de Vries 254f.). Fan beide Afr. foarmen (*thet; hit*) hawwe it Wlfr. en it Skm. eins mar in healen (*it*) bewarre (O=0,33), it Sfr. ien (*dät/'t*) (O=0,5) en it Nfr. (*dât/hat/'t*) beide (O=1), koartsein O=0,33/0,33/0,5/1. De rest is weirekke: W=0,67/0,67/0,5/0. Neffens Mnd. *it; et; dat*, Mnl. *het, hit, -et, -t; dat* binne allinne Afr. *thet* en Sfr. *dät* karakteristyk: K=0,5/0/0/0,5/0.

3. **en 'und'** (31146). Net by Siebs, Lo en Sp. Franck Et. 155 neamt Ndl. *en*, Mnl. *ende* "ablautend met ohd. *unta, unti*." Wlfr. *en*, Nfr. *än* < Afr. *anda, enda*, mar Sfr. *un* < Nd. (neist lyts 10% *än*). Grif sil by dit faak ûnbeklamme bynwurd assimilaasje in rol spylje. O=1/1/0,1/1, W=0/0/0/0 en foar de Nederlânsk-Nederdútske oarsprong N=0/0/0,9/0. K=0/0/0/0/0.

4. **wêze 'sein'** (25404). De Afr. ynfinityf *wesa* fine wy oeral wer, mei in aparte lûdsûntjouwing yn Skm. *wazze* (Spenter 61). Dit tiidwurd hat noch gâns oare foarmen, dy 't wy elk op 0,1 rekkenje as se misse. Afr. meartal notiid (prs.) *sen(d)* en doetiid (prt.) sg. *was* binne yn it Wlfr. en Skm. ferlern gien (Spenter 98, ferl. Lo21), dus O-0,2. By Sfr. *sunt* Gr 1196, 1331 twiveljend oer Nd. ynfloed, mar de Nd. omkriten hawwe allegear umlaut. De Nfr. foarm (*san*)

mei iere ferkoarting út **sînd* (Lo19). Wlfr. en Skm. *wie* grif nijfoarming út pl. *wiene*.

It ôfslutend mulwurd (part.prt.) Afr. *wesen*, Skm. *wein, ween*, Sfr. *weesen*, Nfr. *wään* is yn it Wlfr. ferlern gien; *west* sil ûnder Hollânske ynfloed ûntstien wêze (Johnston, 1994:8,18), dus -0,1. Dit leveret O=0,7/0,8/1/1, N=0,1/0/0/0 en foar de nijfoarmings en analogy A=0,2/0,2/0/0. Foar Afr. *weren* ferl. Mnd. *wêren:* K=0/0/0/0/0.

5. **fan 'von'** (23548). Afr. *fon, fan* hie grif al yn it âldste stadium 'Dunkelung' fan *a* foar nasaal (Gr1180) > Sfr. *fon*, Nfr. *foon* (Lo230). Yn Awfr. 'Rückbildung' ta *a* (Gr1369) > Wlfr. [ɔ] (ferl. Gr1411f.). Skm. *fan* mei normale ûntjouwing ta [ɔ] (Sp45, 96). O= 1/1/1/1. Mei Oerfrysk *o*, mar Awfr. *a* (Gr1180): K=0,5/0/0/1/1.

6. **in 'einer'** (17690). It ûnbeskate lidwurd Afr. *en* hat yn it Nfr. oeral schwa-fokaal, mei dêrnjonken yn it Sfr. [o]. O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.

7. **dat 'jener; das; daß'** (16298). De fokaal fan Afr. *thet* is allinne yn it Sfr. bewarre bleaun. Lûdwettich *e* > *å* allinne Skm. (Sp67). Afr. *that* (> Wlfr. *dat*, Nfr. *dât*) troch ynfloed fan *thâ, thâm*, mar Wang. *dait* út *thêt* (Gr1355f.), dus yn it Afr. gjin ienheids-sitewaasje. O= 1/1/1/1. Neffens de fokaal: K=1/0/0/1/0.

8. **yn 'in; hinein'** (16240). Fan Afr. *in, on* hat as ferhâldingswurd (prep.) *on* it yn it Nfr. wûn neist *in* as bywurd (adv.) (Ef142, net yn Gr). Yn it Mooringer Nfr. is de sitewaasje no sa, dat *in-* en *önj-* yn gearstallings as 'yn' brûkt wurde, mar *önj-* ek neist *an-* as 'oan' (Sjölin 1988). Nfr. *in* [In] út " *î* < (germ.) *i* durch Frühdehnung im Anlaut" (Lo21) mei as oare fbb. *is* 'is' (allinne Halligen), *ik* 'ik', *il* 'yl' (Sfr. *Ielt*). Gewoanlik Germ. *i* > Nfr. *a* (Lo146ff.), Moor. *ban* 'bin'. Ferl. 10.

It Sfr. ferhw. *in* toant gjin rekking ta [*i*], mar wol it as earste lid fan gearstallings brûkte *ien-* neist *oun-* mei funksje-ûnderskied. Ferl. Wang. *in; iin-, oon-*. Skm. *yl* (Sp *il*) wurdt troch Sp147 by Awfr. *i* = germ. *i* ûnderbrocht, mar it liket lykas ndl. *eelt* fan ûndúdlike ôfkomst te wêzen (Franck Et. 147, de Vries 149). Allinne foar Skm. *yn* komt Sp256 dan op "awfr. *ī* = germ. *i* mit Dehnung durch Emphase" (Sp257). Ferl. Nhd. *ein* (Drosdowski e.o. 130). Yn it Sfr. is it bywurd ek rutsen: *deer ien* (Kramer 1992:381). Yn it Mnd. fyn ik neat oer sa'n rekking, ferl. Lübben *dar-inne* en ek net foar it Nnd., b.g. Schönhoff 185 *in*, 205 *rin*.

Wy moatte dêrom wol oannimme dat de rekking yn it Frysk sûnder ynfloed fan bûten ta stân kommen is, mei de dêrby foarkommende funksjeferdieling. Dat de fokaal krekt yn it bywurd en de gearstalling rutsen waard, is dêrby net sa frjemd; yn dy posysje kriget it partikel ornaris fierwei de measte klam. Bogerman 78x *in* as ferhw. en 2x *yn*, wêrby 't it yn nr. 210: *Is t tienst de wyn, So hallie id seyl yn* dúdlik op 'e gearstalling **ynhallie* slacht. Ik nim dêrom oan dat de funksjonele rekking in algemien Afr. ferskynsel wie. As wy

boppedat *önj/oun* as oarspronklik beskôgje, kinne wy it folgjende steatsje opmeitsje:

	ferhw.	byw. en/of gearst.	O	W
Skm.& Wlfr.	*yn* (rutsen)	*yn* (rutsen)	0,33	0,67
Sfr.	*in* (net rutsen)	*ien* (rutsen) + *oun*	1	0
Nfr.	*in* (rutsen)	*in* (rutsen) + *önj*	0,67	0,33

Allinne *in* is net karakteristyk: K=1/1/1/0,67/0,33.

9. **hawwe 'haben'** (13108). Afr. *þ* (*hebba, habba*) > Nijfr. *w* (útsein yn Sfr.) troch ynfloed fan *hevest* 'hast' en *heveth* 'hat' (Lo204). Afr. *hest, *heth* nei analogy fan *dest, deth* mei Skm. lange fokaal (Sp73), ferl. Sfr. *hääst*. De *e* fan *hebba* < *hest, *heth* (Sp73); yn Wlfr. algemien *a*.

Doetiid sg. Skm. (Wlfr.) *hie* < Afr. *hēde* Sp202; ferl. *woe* (52). Nfr. *häi* < Anfr. **hêde* foar *hĕde* troch ynfloed fan *dēde* 'die' (Lo47). Sfr. *hiede, diede* mei *ie* ynstee fan *äi* faaks troch ynfloed fan minder klam. Mulwurd Afr. *heved, hevd* > Sfr. *häiwed* (Ockholm *häift* Lo190), mar Nfr. Moor. *hädj* nei analogy fan doetiid (Gr1271). Wlfr. *hân(d)* (Skm. *haun*) < *hênda* 'heine' (Gr1271), mar earder < *hawen* (Boersma 92, Sp308), ferl. Halligen *heen* (Lorenzen 148). Nijfoarming, mar al jong Afr.: -0,05 (sj. ek 19). O=0,95/0,95/1/1, A=0,05/0,05/0/0. Yn it Afr. binne allinne *hede, heved* karakteristyk: K=0,2/0,15/0,15/0,2/0,2.

10. **ik 'ich'** (12470). Sfr. Wang. *ik*, Hylpersk *yk* mei fokaal [i] yn kontrast mei Nnd. Wlfr. Skm. *ik* mei [I], lykas grif Bogerman *ick*. Hylpersk *yk* mei 'emphatische Dehnung' (Franck/van Haeringen 75, Sp91), ferl. Kluge/Mitzka by *ich*. Allyksa Nfr. *ik* mei *i* út *î* < *i* 'durch Frühdehnung im Anlaut' (Lo21), oars soe it **ak* oplevere hawwe. It liket der op dat Skm. Wlfr. *ik* in algemien-Fryske rekking mist hat, wat wol hast oan frjemde ynfloed taskreaun wurde moat: O=0,5/0,5/1/1. N=0,5/0,5/0/0. K=1/0/0/1/1.
11. **dêr 'da, dort'** (11310). Wlfr. *dêr*, Skm *der*, Sfr. Nfr. *deer* < Afr. *ther* (Gr1280, Lo46, Sp110). O=1/1/1/1. K=1/1/1/1/1. Biltsk *der, dêr* en Westfrysk *deer* K=1.
12. **te 'zu'** (11310). (Sj. 51). Wlfr. *te* hat schwa, faaks al yn Awfr. *te* (Gr1250). Wang. mei *ôu* < Germ. *ô* (Gr1381), lykas Skm. *to* (Sp236) en grif ek Sfr. *tou*, Nfr. *tu*. Yn it Skm. stiet it ek kreas in 'e rige by *jo* en *ho*, mar dat is nearne yn 'e oare tongslaggen sa. O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.
13. **as 'als'** (10498). Afr. *alsa*, mar ek al *as* mei útfallene *l* (Gr1262, Sp51). Yn 'e dielbetsjutting 'wannear't' hawwe it Sfr. en it Nfr. *wan*. Mûglik út it seldsume Afr. *hwene* 'as; oant' (Kluge/Mitzka 837 by *wann*). Net by Siebs en Löfstedt. Ik beskôgje *wan* as in jonger lienwurd. O=1/1/0,5/0,5, N=0/0/0,5/0,5. Ferl. Mnl. *alse, as:* K=0/0/0/0/0.

14. **mar 'aber'** (9686). Afr. *mer, mar* (Gr1255). Wlfr. *mar* mei *a* út Afr. (Sp72). Nfr. *mân* (en dus Sfr. *man*) út (M)nd. *man* Lp192. Dêrneist Sfr. *aber, ouers, uurs*, Nfr. *ouers* 'lykwols'. Net Afr., mar al Harl. *auferst*, Wang. *âber(st)*, Wursten *auer* (Remmers 5), âlder Nfr. *averst* (Ziesemer) grif as Wang. *ôbr* < Nd. (Gr1380), ferl. Mnd. *aver(s(t)*. O = 1/1/0/0, N=0/0/1/1. Ferl. Mnl. *maer, mar, mer:* K=0/0/0/0/0.
15. **op 'auf'** (9222). Wlfr. *op* < Afr. *up, op* njonken *uppa, oppa, opa* Sp124. JongSkm. *òp* Sf232. Neffens Spenter rint hjir de lûdsûntjouwing gelyk oan dy by de buortalen. Sfr. *op, ap* yn dúdlik kontrast ta Sealter Nnd. *up*. By gebrek oan better: O = 1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.
16. **mei 'mit'** (8700). Skm. *mooi* mei Awfr. *ai*? = Germ. *e* (nei *m*) + *d* (Sp290, ferl. Gr1415, 1430, Ef140). Nfr. *ma* < Afr. *mith(e)*? Lp238. Sfr. *mäd* yn dúdlik kontrast ta Nd. *mit*; yn gearstallings mei tiidwurden *mee-* (< =Afr. *mithi, mede*?). Dat ûnderskied net yn it Wlfr., Skm., Nfr. en ek net yn it Wang. (*mit-* Ehrentraut 572f), mar wol Mnd. bywurd *mede, medde* (selten *mit*), ferhw. *mit* (Lübben/Walther 222,232). Dus Afr. *mith* generalisearre yn Skm., Wlfr., Nfr. en *mithi* yn it Wang., wylst it Sfr. beide noch hat. O=0,5/0,5/1/0,5, W=0,5/0,5/0/0,5. Ferl. Ndl. *met/mee-:* K=0/0/0/0/0.
17. **sa 'so'** (6960). Sfr. *soo*, Wlfr. *sa* < Afr. *sā*, mar faaks ûnderskate ûntjouwing fan foarmen mei mear of minder klam (Gr1255). Nfr. *sü* grif út **swô* < **swâ* < **swa*, Got. *swa* (Lo45) en Skm. *so* mei *o* < Awfr. *ō* = Germ. *wa* (Sp.236). O=1/1/1/1. K=1/1/1/0/1, fanwege de fokaal.
18. **net 'nicht'** (6728). Wlfr./Skm. *net*, Afr. *nâ-wet*, Bogerman *naet*, Hylpersk *naat* mei Awfr. *æ* < Afr. *ā* < Germ *ai* (Sp180) en sa grif Sfr. *nit*, ferl. Harl. *nat*. Foar Nfr. Moor. *ai*, Syltersk *ek* ferl. Deensk *ikke, ej*. O=1/1/1/0. D=0/0/0/1. K=1/1/1/1/0. Borchling seach yn *neet, neit* [Grinslânsk *nait*] Aldfryske resten (ferl. Remmers 1:147), mar dat is net karakteristyk fanwege Ndl. *niet*.
19. **sille 'sollen; werden'** (6670). Sfr. *schälle*, Nfr. *schale*, Bogerman *schille* < Afr. *skila, skela*. De *k* is ferdwûn yn Wlfr. Skm. *sille* (Sp83), Wang. *sil*, Harl. **sillen* (Remmers 138) troch ynfloed fan Ndl. *zullen* resp. Nd. *sölen* (Gr1329), mar dêr moat it ek ferklearre wurde. Foar it Nhd. troch 'Konsonanten-Erleichterung an unbetonter Satzstelle' (Kluge/Mitzka 714) as gefolch fan de funksje as helptiidwurd (deVries 1992:872). Faaks spilet dan de betsjutting mei: de Sfr. betsjutting 'ferplichte wêze ≈ müssen' kriget grif mear klam as de Wlfr. 'fan doel wêze = werden'. Dy betsjutting èn de útspraak mei allinne *s-* lykje net oarspronklik Frysk en binne dan troch westlike ynfloed ferspraat: O-0,3.

Sille heart ta de preteritopresentia lykas ek 24 *kinne*, 44 *moatte*, 67 *witte*, 102 *meie* en dêrby 52 *wolle*. Dy einigen yn notiid 2 oarspronklik op *-t* (v.Bree333) yn Skm. *satte* < Afr. *skalt* (Sp69) njonken analogysk *skelt, skilt* > Nfr. *schäät* (Lo218, O-0,05), mar *-s-* ynlaske yn Sfr. *schääst*, Wlfr. *silst*

(O-0,1). De *-n* fan notiid pl. Afr. *skilun*, Nfr. *schan*, Sfr. *schällen* ferlern yn Wlfr. en Skm. (O-0,05).

Yn it Afr. is gjin mulwurd oerlevere, mar de preterito-presentia sille oarspronklik *to*-participia hân hawwe (Kluge, Urgermanisch 174), dat Skm. *súed*, Sfr. *schuld/schöild* en Nfr. *schöljt* sille oarspronklik wêze. Wlfr. *sild/sillen* is lykwols nij út 'e presensstam makke (O-0,1). Meiinoar O=0,45/0,65/0,9/0,95, A=0,25/0,05/0,1/0,05 en N=0,3/0,3/0/0.

De Fryske notiid-foarmen binne troch de fokaal aardich karakteristyk (útsein Mnl. Holl. (Westfrysk?) *hi sel* njonken *sal*, v. Loey 88), mar de Afr. doetiid *skolde, skulde* stiet ticht by Mnd. *scholde, schulde* (Lasch 244). K=0,6/0,1/0,2/0,5/0,55.

20. wat 'was; etwas' (6264). Sfr. *wät* < Afr. *hwet* (Gr1358). Awfr. *ɛ* < germ. *a* mei toanferheging is Skm. algemien ta *å* wurden (Sp67ff), sels dêr 't it Ndl. *e* hat: *stårk*. Yn it Wlfr. en Nfr. bart dat lykwols allinne by pronomina as *wat, dat* resp. *wåt, dåt*. Awfr. *haet* (noch Hylpersk *het, hette*) troch ynfloed fan *aet, naet*? Gr1254, of faaks ynfloed fan 'e dêr ferdwûne *w*? (ferl. Gr1177). Mar dat ferklearret net de moderne foarm *wat*, dy't dêrom wol út it Ndl. oernommen wêze sil, faaks om't er yn sitewaasjes mei klam better funksjonearre. Lo195ff. swijt deroer, mar yn Nfr. *wat* kin him ek soks foardien hawwe (ferl. *huum* 'wa'). Dan dus foar it Wlfr. en Nfr. resp. Ndl. en Nd. ynfloed. Ferl. noch Wang. *wut*. O=0/1/1/0 en N=1/0/0/1. Neffens de fokaal: K=1/0/1/1/0.

21. oan 'an' (6148). Skm. *oon*, Wlfr. *oan* < Awfr. *ǭn* (Sp215f). Afr. *on* betsjutte 'oan' en 'yn' en sa fuortset yn Nfr. *önj* (Lo89) en Sfr. *oun* (ferwachte *oon*) neist Afr. Sfr. *an*. O=1/1/1/1. K=0,5/1/1/0,5/1 om 't Afr. *an* net karakteristyk is.

22. dy't 'der..' (zurückweisend) (6090). Wlfr. *dy't* < *thī* + *t* (ferl. Skm. Wlfr. *at, oft* Sp118) hat lykas by *de* (1) fan de seis Afr. foarmen fiif ferlern, it Skm. (*dy't, jo't, da't*) en it Nfr. trije en it Sfr. (*di der, ju der* ensfh.) twa: O=0,17/0,5/0,67/0,5. W=0,83/0,5/0,33/0,5. Fanwege ndl. *die* binne *thi, dy, di* net karakteristyk: K=0,33/0/0,33/0,33/0,33.

23. ek 'auch' (6032). Skm. *aik* < Afr. *âk* (Sp179) en sa grif mei ferkoarting Wlfr. *ek, ik* en Sfr. *uk* en faaks ek Nfr. *uk:* O=1/1/1/1. K=1/1/1/0/0.

24. kinne 'können' (5916). Yn Skm. *kinne* binne 'kenne' en 'kinne' gearfallen (Sp86) < Afr. *kanna* en sa yn sprutsen Wlfr.: O-0,05. Nfr. *koone*, Sfr. *konne* < Afr. *konna* (Gr1328, 1180). Doetiid 3 Sfr. *kude* (ferl. *wude*, 35) en Nfr. *köö* < Afr. **kûthe* (ags. *cúðe*, Lo36) mei ôffal fan 'e swakke útgong yn it Nfr. (O-0,05). Wlfr. *koe*, Skm. *kúe* nei analogy fan *soe, woe* (Gr1206 en Sp236, O-0,05). Mulwurd Sfr. *kud*, Nfr. *kööt* origineel (ferl. 19), mar Skm. *kúed* mei ferkearde fokaal (O-0,05) en Wlfr. *kind/kinnen* nijfoarming neffens de notiid: O-0,1. Totaal: O=0,8/0,85/1/0,95 en A=0,2/0,15/0/0,05.

Fanwege Mnl. Mnd. *konnen; kennen* allinne **kûth-* ensfh. karakteristyk: K=0,3/0,2/0,3/0,3/0,3.

25. **syn 'sein/e'** (5916). Skm. Wlfr. *syn* < Afr. *sīn* (Sp263) en sa Sfr. *sien*, Nfr. *sin* (Gr1355). Foar akk. sg. mask. ûntstie foar dûbel *n* ferkoarting fan 'e stamfokaal: Afr. *sinne* > Sfr. *sin*, Nfr. *san* en sa by *myn* en *dyn* (Gr1355); yn Wlfr. en Skm. weiwurden: O=0,5/0,5/1/1 en W=0,5/0,5/0/0. De m. foarm *sinne* net Mnl. Mnd.: K=0,5/0/0/0,5/0,5.

26. **har 'ihr/e'** (5858). Pron.poss.fem. Wlfr. *har*, Sfr. sg. *hier*, Nfr. sg. *har* ensfh. < Afr. *hire*. Pl. Sfr. *hiere* blykber < Afr. *hira*, mei dêrnjonken *hiara* ûnder ynfloed fan 'e nom. *hia* > Wg. *jâr*, Nfr. pl. *jare* ensfh., Hylpersk *jaer* en yn analogy mei de fem. Nfr. *haer* (Oldsum), Wlfr. *har* (Gr1354, ferl. Lo178). Mar *i* > *a* is gjin Wlfr. ûntjouwing! Skm. *hår*, neffens Sp62f. mei Awfr. *ɛ* = germ *i* troch ynfloed fan *r* faaks troch ynfloed fan minder klam > Bogerman *har, harre*, Wlfr. *har* (Sp62f). As refleksyf Sfr. *sik* < Nd. O=1/1/0,67/1 en N=0/0/0,33/0. Fanwegen Ndl. *haar:* K=1/0/0/0,67/0,5. Grinslânsk *h-* as teken fan Fryske ôfkomst (ferl. Remmers 2:231f.) ûnbrûkber troch Ndl. *h-*.

27. **dan 'dann'** (5684). Skm. *dån* < Afr. *thanna, thenne; than* (Sp49) en sa grif Wlfr. Sfr. Nfr. *dan*. O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0 troch Ndl. Nd. *dan*.

28. **foar 'für; vor'** (5568). Skm. *feur* mei lienfoneem (Sp321, 326) sil kwealik in ûntliend wurd wêze, likemin as Wlfr. Sfr. *foar*, Nfr. *for*. Ferl. Gr1429, Lo238. O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.

29. **om 'um'** (5510). Skm. *om* < Afr. *um(e), umme* (Sp130), Nfr. *am* < Afr. **imbe*, ferl. Ags. *ymbe*, Nnd. *üm(me)* Lo155. Oer Wlfr. *o* foar koarte *u* Gr1204; grif foar in part allinne grafysk ûnderskied. O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/1.

30. **komme 'kommen'** (5394). Sfr. *kuume* < Afr. *kuma* (Gr1202, Gr1388). Skm. *komme* mei Awfr. *o* = Germ. *u* (Sp122). Nfr. *kaame* < **kima* neffens *kimth* (Lo182). Sfr. notiid sg. 3 *kumt* mei [o] troch dûbel bylûd (Gr1202). Nfr. *kamt* < **kimth* < **kimith* < **kumith* Lo155.

    Afr. doetiid 3 *kôm* nei analogy fan pl. (Gr1315,1254,1212) > Nfr. Halligen *kum*, Moor. *köm* en idem Skm. *koom* (Sp216). Yn Sfr. *koom*, Wlfr. *kaam* sille wy earder mei rekking Afr. *a* yn *quam* sjen moatte, mei analogyske útfal fan 'e *w* (ferl. Gr1254). Nfr. mulwurd *kiimen* < Afr. *ekemen* mei rutsene fokaal (Lo115f). Idem Sfr. *keemen* (> doetiid 3 *keem*). Skm. *komd*, Wlfr. *komd/kommen* nijfoarming op grûn fan notiid. O=0,9/0,9/1/1 en A=0,1/0,1/0/0.

    Afr. *kuma-kam/kômon-kemen* is karakteristyk, mar sa net notiid sg. 3 *kumth, komt* (Gr1266), likemin as sg. 2 en Wlfr. Skm. analogysk sg. 1 en mulwurd en Wlfr., Skm. en Sfr. doetiid: K=0,8/0,4/0,4/0,7/1.

31. **no 'jetzt; nun'** (5394). Wlfr. *no*, Sfr. *nu*, Nfr. *nü*, Skm. *nu, neu* < Afr. *nū* (Gr1226, 1388, Lo44, Sp253). O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.

32. **sizze 'sagen'** (5394). Sfr. *kweede*, Wang. *quider*, Cadovius *quidden* (Remmers 117) < Afr. *quetha*, njonken Wlfr. *sizze*, Nfr. *seede*, Awfr. *sidza*. In aardige illustraasje fan it dialektferskaat jout Bogerman, dy't sels *sidze*, *seit* skriuwt, mar yn in Grinslanner Frysk rymke de doetiid *qua* brûkt (de Boer 226). Aldste foarm grif *quetha*, mar *sidza* fanwege assibilaasje fan *g* út germ. **seggjan* (Gr1187, 1299, Lo193) grif ek al lang Frysk, faaks yn in wat oare betjutting. Skm. *seze* mei Awfr. [I] Sp84. Nfr. *seede* mei *dd* [< *dz*] < *gg* (Lo193). Doetiid Skm. *sei* mei Afr. *ɛi* < Germ. *ag* (Sp285). Sfr. *kwad* mei *a* troch *w*-ynfloed (Gr1317, 1179). Mulwurd Skm. *seid* mei Awfr. *ɛi* < Germ. *agi* (Sp284). O=1/1/1/1. Afr. *quetha* karakteristyk, mar *sidza* allinne foar foarmen mei assibilaasje (0,4). Dus mei (1+0,4)/2=0,7: K=0,7/0,4/0,4/1/0,4.
33. **dy 'der/jenige'** (5278): O=0,17/0,5/0,67/0,5, W=0,83/0,5/0,33/0,5 en K=0,33/0/0,33/0,33/0,33 as by 22.
34. **him 'ihn'** (5220). Skm. *him*, Nfr. *ham* < Afr. *him* (Sp95, Lo154) en sa Wlfr. Sfr. *him*. De datyf Afr. *hine* > Sfr. *ene*, oars weiwurden (O-0,33). Refl. Sfr. *sik* < Nd. (O-0,33). O=0,67/0,67/0,67/0,67, W=0,33/0,33/0/0,3 en N=0/0/0,33/0. K=0/0/0/0/0.
35. **wurde 'werden'** (5162). Wlfr. *wurde* mei *ur* < Awfr. *ir* (Gr1413), Skm. *wezze* mei *e* < Afr. *e* (Gr1426) en *z* < *rd* (Gr 1433). Sfr. *wäide* < **wertha* (Gr1190, 1314). Nfr. *wårde* mei *å* troch iere ferkoarting of gjin rekking yn helptiidwurd mei minder klam (Lo59). Doetiid sg. Skm. *wes*, pl. *wezzen* is nijfoarming mei de fokaal út 'e notiid (O-0,2), mar Wlfr. *waard* < Afr. *warth* (Sp107); Wlfr. pl. *waarden* út sg. (O-0,1). Doetiid Nfr. sg. *wörd* < pl. *wörden* < Afr. *û* (Lo38) en sa Sfr. pl. *wuden* > sg. *wud*, *wude* (O-0,1). Mulwurd Nfr. *wörden*, Sfr. *wuden* < Afr. *wrthen*, mar Skm. *wezzen* en sa grif Wlfr. *wurden* út 'e notiid (O-0,1). O=0,8/0,7/0,9/0,9 en A=0,2/0,3/0,1/0,1. Afr. allinne doetiid pl. *wurdon*, mulwurd *wrthen* (westlik *worden*) karakteristyk: K=0,15/0,2/0,2/0,2/0,2.
36. **hy 'er'** (5104). is oarspronklik: Gr1353f., Sp271. O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.
37. **by 'bei'** (4814). Afr. *bī* wikselt fan fokaal, ofhinklik fan 'e klam (Gr1220). Skm. *bi* < Afr. **bi* mei minder klam, om 't Afr. *bī* Skm. **bē* oplevere hie (Sp148). Nfr. *bai* troch rekking fan *i* (Lo25). O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.
38. **er 'er'** (4698). Enklitysk pron. m. *er* faaks út in ferbining fan *hi* mei swak beklamme *ther* (Gr1354). Earder út in mienskiplike grûnfoarm as Ahd. *her*, ferl. Kluge/Mitzka 169 ûnder *er*. O=1/1/1/1. Untbrekt yn Mnl. en Mnd.: K=1/1/1/1/1. Westlik Grinslânsk *er* (ter Laan 154, 213), Borkum *er* (Remmers 2:221f.) wurdt sels fan Heeroma (1959:85) as in (Aldeast)frysk relikt beskôge. Eastlik Grinslânsk *e* (ter Laan 200, 297) sil earder in ferkoarte foarm fan *hi* wêze. Dat kaam ek al yn it Afr. foar (Boutkan 107), mar it is ek algemien Nnd./Nedersaksysk (Sassen, 120, Deunk 74, Schönhoff

180, Böning 44; Stell. dêrfoar *-ie* Bloemhoff 365), dat K=1 kin allinne foar it westlike Grinslânsk jilde.

39. **hja 'sie'** (4698). It Afr. ûnderskate sg. fem. *hiu, hio* > Sfr. *ju*, Nfr. *jü*, Skm. *jo* èn pl. *hia* > Sfr. *joo*, Nfr. *ja*, Skm. *ja* (Gr1353, Sp236,274). Yn it Wlfr. binne beide foarmen gearfallen ta *hja* (<Afr. *hia)* òf Wâldfrysk *ju* (< Afr. *hiu*?), dus O-0,5. By Skm. *jo* rinne Afr. *hiu* en it demonstrativum *thiu* (33, ferl. 1) trochinoar (Sp236), lykas ek by Sfr. *ju* en Nfr. *jü*. O=0,5/1/1/1 en W=0,5/0/0/0. K=1/0,5/1/1/1.
40. **ús 'uns; unser'** (4698). Skm. Wlfr. *ús* < Afr. *ūs, ūse* Sp238. Idem Nfr. Hall. *us* (Lo36) en Sfr. *us* (Gr1352). It lûdûnderskied [ø]-[y:] yn Nfr. pron.pers. *üs*, pron.poss. *üüs* (ferl. Gr1225f.) al 1860 by Bendsen 209. Dêrtroch wat ûnwis, mar dochs O=1/1/1/1. Fanwege Mnl. Flaamsk *uus*, Mnd. Nnd. *us:* K=0/0/0/0/0.
41. **wy 'wir'** (4640). Wlfr. Skm. *wy*, sfr. *wi* < Afr. *wī* (Gr1352, Sp148). Mooringer Nfr. *we* [veei] wiist op in al âlder *we* (Gr). O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.
42. **wol, wel 'wohl'** (4582). Skm. *wal* mei *a* < Awfr. (Sp69, Gr1426). Nfr. Hall. *vêil* (Moor. *wälj*) < Anfr. *wêl* (Lo69), lykas ek Sfr. *wäil* mei Aefr. *ê* (Gr1386). Dêrneist sûnder klam Sfr. *wul* [vol], *wül* [vøl] = *wēl* mei Ablaut Gr1387, mar liket earder ynfloed fan *w* en *l*, lykas by *wolle* (52) en sa foar Wlfr. *wol* njonken útrop *wel* O=1/1/1/1. Mnl. *wel,.. wole,* Mnd. *wēl; wol, wal:* K=0/0/0/0/0.
43. **my 'mir; mich'** (4060). Skm. Wlfr. *my*, Sfr. *mi* < Afr. *mī* (Gr1351, Sp148). Nfr. *me* < Afr. **mĕ* (Gr). O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.
44. **moatte 'müssen'** (4060). Skm. *motte*, Wlfr. *moatte*, Sfr. *moute*, Nfr. *mötje*, Hall. *mööe* < Afr. *mōt-* (Sp228, Lo81, Gr1330f). Notiid meartal *-n* (sj.19) weiwurden yn Skm. en Wlfr. (O-0,05), mar bewarre yn Sfr. *mouten*, Nfr. *mönje*, Hall. *möön*. Yn Wlfr. en Sfr. sterke fariaasje yn stamfokaal. Doetiid 3 Skm. *most*, Wlfr. *moast*, Sfr. *moaste,* Nfr. Hall. *moost* < Afr. *moste* (Sp134, Lo227, Gr1330f, 1395). Foar ôffallen fan *-e* sj. 52. Wlfr. mulwurd *moatten* nijfoarming (ferl. 19, O-0,1), mar Skm. *most*, Sfr. *moast*, Nfr. *moost* < Afr. **most*. O=0,85/0,95/1/1 en A=0,15/0,05/0/0. K=0/0/0/0/0.
45. **nei 'nach; nahe'** (3944). Skm. *nooi*, Wlfr. *nei* < Afr. *nā* 'tichteby' (Sp293), krektlyk as Sfr. *nai*, Nfr. *näi* (Gr1214, 1304, Lp145). Folle frekwinter Sfr. *ätter*, Nfr. *eefter* < Afr. *efter* 'nei ta; neffens' (Gr1390, Lo190) weiwurden yn Wlfr. en Skm.: O-0,9. O=0,1/0,1/1/1. W=0,9/0,9/0/0. K=1/0,1/0,1/1/1. Westfrysk *nei:* K=0,1.
46. **út 'aus'** (3770). Skm. Wlfr. *út*, Sfr. *ut*, Nfr. *üt* < Afr. *ūt* (Gr 1225f., Sp240, Lo35). O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.
47. **al 'schon; all'** (3422). Skm. Wlfr. *al* 'all' < Afr. *al, ael* 'all, ganz', it lêste mei rekking foar ferienfâldige geminaat (Sp51), lykas grif ek Sfr. *aal*, Nfr. *ål*. De folle frekwintere betsjutting 'schon' (Sfr. *al*, Nfr. *ål*, ferl. Lp194)

komt yn alle ôfliedkundige neislachwurken slim oan 'e krapperein en sil fia 'wol' ûntstien wêze út 'e earste betsjutting, faaks fia gearstallings as mnl. mnd. *alrede*. Yn 'e konjunksje ('alhoewol't') brûkt it Sfr. *wan .. uk*, it Nfr. *hüwälj, åldåt*. O=1/1/1/1. K=0/0/0/0/0.

48. men 'man' (3364). Skm. *'min*, Wlfr. *men*, lykas Mnl. Mnd. *men* < *man* (Sp102). Sfr. *me* neist *man* < Afr. *ma* (Gr1250, mar by Minssen 1965:35 *mî*). Ik doar hjir gjin ôfkomst te ûnderskieden: O=0,5. Nfr. *huum* út 'e stam fan *hwa* (Gr1358) slacht lykas literêr Wlfr. *men* allinne op jinsels, *följk* op oaren. O=0,5/0,5/0,5/0. A=0/0/0/1. N=0,5/0,5/0,5/0. K=0/0/0/0/0.

49. sjen 'sehen' (3190). Wlfr. *sjen*, Skm. *sjain*, Nfr. *siinj* < Afr. *siā* (Gr1193, Sp279, Lp122, Kramer 1996:214f.), mar ferlies fokale útgong (O-0,05), dy't yn Sfr. *sjoo* bewarre bleaun is. Skm. *ik sjai*, Sfr. *sjoo*, Nfr. *sii* < Afr. **siā* (sj. 58), mar Wlfr. *ik sjoch* nijfoarming < *sjocht* (Gr1178) (O-0,1). Wlfr. *hy sjocht* < Afr. *siucht* (Gr1198, Lp139, Sp275). Skm. *wy sjaie*, Nfr. *siie* < Afr. *siāth* mei tafoegjen fan *-e* (O-0,05), net yn Sfr. *sjoo*. De *-th* oeral opjûn (útsein yn Wang. *sjôt*), mar dat wurdt net rekkene, om't it by de hjir ferlike tongslaggen neat útmakket. Wlfr. *sjogge* nijfoarming (Kramer 215), O-0,05.

Doetiid Wlfr. Skm. *hy seach*, Nfr. *såch*, Sfr. *saach* < Afr. *sach* (Gr1317f., Lp14, Sp184). Wlfr. Skm. *wy seagen*, Nfr. *såchen* út 'e sg. (O-0,1), mar Sfr. *seegen* < Afr. *sēgon* (Gr1317f.). Mulwurd Sfr. *blouked* < Afr. **bilōkad* (Gr1317) by **lōkia*, ferl. Nfr. *löke* (Ef232f., Lo83), âlder Wlfr. *loaitsje* (Gr1416). Nfr. *sänj*, Sfr. *(fer)säin*, Hylpersk *siend* < Afr. **sên* (Gr1193, Lo55). Wlfr. *sjoen* nei analogy fan *jûn* (Gr1193), mar earder < **sien*, ferl. âlder Hylpersk *seeond* (Sp255). Skm. *syn* út in *î*-foarm (Gr1193, ferl. Sp255) of < Ndl. *zien?*

O=0,7/0,8/1/0,8. W=0,05/0,05/0/0,05 A=0,25/0,15/0/0,15.

Afr. *sach, sien* net kar.: K=0,8/0,5/0,6/0,9/0,7. Remmers (1994:152) fynt Fryske ôfkomst yn Eastfrysk Nd. 2,3 sg. *du süchst, he sücht* (foar fierder Nd. *sühst, sü(h)t* oer) en sa grif yn Grinslânsk *zugst, zugt*. Opmerklik dat soks ek yn 'e rânegebieten te finen is: Iemslânsk *zyXs, zyX* (Remmers neffens Schönhoff 195), Stell. allinne 2 sg. *zicht (Bloemhoff e.o.* 57), mar Ruinen *zet* (Sassen 114). Blykber is hjir *h*-útfal troch Fryske ynfloed weibleaun: K=0,2, Stell. 0,1.

50. oer 'über' (3074). Skm. *ieur*, Wlfr. *oer*, Sfr. *uur*, Nfr. *ouer* < Afr. *ūr, *ūwer* (Sp248, Gr1261, 1388, Lo45). O=1/1/1/1. K=1/1/1/1/1.

51. ta 'zu' (3074). Allinne Wlfr. *ta* apart, tink < Afr. *te, ti*, ablautend njonken *tō* (de Vries, Et. 725) of ferhw. Germ. **ta* njonken bywurd **tô* (Kluge 889). Sfr. *ätter wai* 'nei ta': O=1/1/0,9/1. A=0/0/0,1/0. K=0,3 (*ti*)/1/0/0/0.

52. wolle 'wollen' (3016). Afr. Richth. 1150: *willa, wella;* doetiid mear *welde, wilde* as benammen Wlfr. *wolde* troch Ablaut (Gr1332). Mar yn oare Germ. talen is *-o-* let en komt dêr benammen yn 'e doetiid foar. Seldsum Afr. notiid *wol-* faaks earder troch ynfloed fan *w* en *l* (Knop 25) en sa Wang.

wul- en Sfr. *wol-*. Dan lûdwettich, lykas Skm. *wille* (Sp99,89) en Nfr. *wal* (Lo155).

Notiid 2 Skm. *wotte* út Afr. *wilt, weltu*, Bog. *wottu* ensfh. (Sp66) en sa Sfr. *wolt* < Awfr. = germ. *a* mei Umlautsfaktor. Nfr. *wäät* 'willst' mei *e* < *ê* troch iere ferkoarting (Lo218). Wlfr. *wolst* hat *-t* ferfongen troch *-st* : O-0.05. De âlde pl. útgong *-th* is oeral ferlern gien (sj. 49); yn Sfr. *wollen*, Nfr. *wan* ferfongen troch *-n* fan 'e preterito-presentia.

